

De fergetten Stoarmfloed

FRAACH 1

Op de ôfbylding hjirneist sjochst hoe't Nederlân der yn 1825 útseach en hokker gebieten oerstreamd wienen mei wetter út de Sudersee. Troch hokker dyk (of eins daam) is der no gjin Sudersee mear?

Grevelingedaam

De Ofslútdyk



Byld: © Rykswettersteat



Antwoord

De Ofslútdyk

Troch de oanlis fan de Ofslútdyk fan 1920 ôf ferdwûn úteinlik de Sudersee. De Iselmar wie berne.



De fergetten stoarmfloed

FRAACH 2

De Ofslútdyk skiedt dus de Iselmar fan de Waadsee. Sa kin der gjin grutte oerstreaming mear wêze yn dit part fan Nederlân. Mei slûzen regelje wy hoefolle wetter oft der de Iselmar yn komt. Mar wa moatte der altyd troch it wetter nei de oare kant oerstekke kinne?

De minsken

De fisken





Antwoord

De Fisken

De fisken moatte frij bewege kinne fan de sâlte Waadsee nei de swiete Iselmar. Sa kinne se oerlibje en harren fuortplantsje. Fisken kinne oerstekke troch de fiskmigraasjerivier, sjoch foto.

De fergetten stoarmfloed

FRAACH 3

Wat is der op 'e kaart fan 1825 noch mear in grut ferskil mei Nederlân no?

Der is no mear lân

Der binne no mear rivieren



Byld: © Ryksweettersteat



Antwoord

Der is no mear lân

No hawwe wy der noch in provinsje by: Flevolân. Dy is ûntstien troch parten fan de Iselmar yn te polderjen. Mear lân dus!



De fergetten stoarmfloed

FRAACH 4

Grutte parten fan Fryslân en Oerisel oerstreamden, mar sels ek stikjes fan Grinslân, Drinte, Noard-Hollân en Utert. Hoe rekke sa'n grut gebiet oerstreamd?

De diken wienen net sterk genôch

It reinde dêr hiel hurd



Byld: © Rykswettersteat



Antwoord

De diken wienen net sterk genôch

De swakke diken soargen derfoar, yn kombinaasje mei de hurde stoarm, dat it wetter te sterk wie. In protte diken brutsen troch. It wetter út de see en de rivieren wie net mear te hâlden. No binne de diken folle sterker.



De fergetten stoarmfloed

FRAACH 5

It wetter yn de Sudersee kaam op guon plakken wol oant 3,5 meter boppe NAP. Wat is NAP?

De wetterstân dêr't wy de wetterhichte mei ferlykje

De heechste berch yn Nederlân



The background of the slide features a series of stylized, wavy blue lines that create a sense of movement and depth, resembling ocean waves. These lines are layered, with some being a darker blue and others a lighter blue, giving a three-dimensional effect. In the top left corner, there is a small, stylized blue wave icon.

Antwoord

De wetterstân dêr't wy de wetterhichte mei ferlykje

NAP stiet foar 'Normaal Amsterdams Peil'. 0 meter NAP is likernôch gelyk oan it gemiddelde nivo fan de Noardsee. Troch de wetterstân te ferlykjen witte wy hoe heech oft it wetter stiet




De fergetten stoarmfloed

FRAACH 6

De oerstreaming kaam troch in stoarm. Der stie in noardwester én der wie springtij. Wat is springtij?

Dat it wetterpeil yn see net in soad ferskilt

Dat it wetterpeil yn see in protte ferskilt





Antwoord

Dat it wetterpeil yn see in protte ferskilt

Springtij is de perioade fan it tij dêr't it ferskil tusken heech- en leechwetter it grutst is. Dat hat te krijen mei de stân fan de moanne en de sinne. Yn de nacht fan 3 op 4 febrewaris 1825 stie it wetter just hiel heech.

De fergetten stoarmfloed

FRAACH 7

Yn Fryslân en Oerisel kaam it wetter folle fierder as yn oare provinsjes. Hoe kin dat?

Trochdat de wyn út it noardwesten kaam

Trochdat dy provinsjes folle leger lizze as oaren



Byld: E. Maaskamp (Rijksmuseum)



Antwoord

Trochdat de wyn út it noardwesten kaam

De wyn kaam út it noardwesten. Dat betsjut dat it wetter fan de Sudersee ôf nei it easten ta blaasd waard, dus sa de provinsjes Fryslân en Oerisel yn.



De fergetten stoarmfloed

FRAACH 8

De stoarmfloed fan 1825 neame wy ek wol de ferjitten stoarmfloed.
De wettersneedramp fan 1953, hast 70 jier letter, is folle bekender.
Wêr wie dat?

Yn it suden fan Nederlân

Yn it easten fan Nederlân



Byld: © Ryksweustersteat



Antwoord

Yn it suden fan Nederlân

De wettersneedramp fan 1953 wie yn it suden fan Nederlân, yn de provinsjes Seelân, Súd-Hollân en Noard-Brabân.



De fergetten stoarmfloed

FRAACH 9

Om 1825 hinne besochten se de diken al te beskermjen mei peallen. Dochs wie dat net genôch. Mei watfoar materialen beskermje en fersterkje wy de diken no?

Klaai, stiennen of beton

Hout, hea en strie





Antwoord

Klaai, stiennen of beton

Wy fersterkje diken mei klaai, beklaaïing fan stien of beton, of daamwanden fan stiel of beton. Besjoch yn [**dit filmke**](#) hoe't wy dat dogge.



De fergetten stoarmfloed

FRAACH 10

Wetterbouwers spylje in wichtige rol yn it beskermjen fan 's lân tsjin oerstreamings. Se binne wichtich foar ús takomst. Wat dogge sy, bygelyks?

Sneldiken oanlizze en wenten bouwe

Diken en oare wetterkearings bouwe



Foto: © Rijkswaterstaat | Jan Wessels



Antwoord

Diken en oare wetterkearings bouwe

Wetterbouwers bouwe mei, yn en tsjin it wetter. Se beskermje ús lân tsjin it wetter troch it bouwen fan diken. Dêrneist meitsje wetterbouwers nij lân, lykas it Marker Waad en bouwe se brêgen, slûzen en havens.